E-mail DFS: swalinga.baard@hetnet.nl

Ynternet: www.friesdammen.nl

Webmaster: Jesse Jan Boschma en Sjoerd Teake Kooistra
st.kooistra@hotmail.com

Damklups:

- **"Nocht&Kriich"** Aldegea-W., F.Groenveld, Riperwei 6,
8623 XH De Jutryp 0515 - 424517
groenveldf@hotmail.com

- **"De Skyfkes"** Blauhús, L. Altena, Arkumerleane 4,
8764 PP Dedgum, 0515 - 579011
jantsje.leo@kpnmail.nl

- **"Stryk Op"** De Gaastmar, S.Attema, Hellingpaed 26,
8611 JR De Gaastmar, 0515 - 469704
shattema@hotmail.com

- **"Hallum"** Harmen van der Meer, Jipperdastrjitte 13,
9074 GB Hallum, 0518 - 431003
harmenvandermeer@hotmail.com

- **"Hartwert e.o."** Klaas Abma. Kloosterweg 12,
8741 KB Hartwert. 0515 - 569747
damkluphartwert@live.nl

- **"De Rûge Wolf"** Lollum, L.Westra, Waaksenserwei 2,
8823 SX Lollum, 0517 - 469245
liuwe.westra@mensa.nl

- **"O.K.K." Jorwert** S.Dijk, Sluytermanwei 12-14,
9023 AB Jorwert, 058 - 2519992
siebrendyk@gmail.com

- **"De Stadige Strikers"** Skearnegoutum, Bauke Bos, Heemstrastrjitte 20,
8521 KH Sint Nyk 0513 - 432782
baukebos@home.nl

Freoneklup:
Dammers om utens en oaren dy't by it Frysk Damjen belutsen wêze wolle, kinne lid wurde fan de Freoneklup.
It ledejild is € 15,-, foar lju út it bûtelân € 20,-.
Men hat it rjocht om oan alle wedstriden diel te nimmen en kriget it Bûnsblêd.

OER ALLES FERSKYNT FJOUWER KEAR YN 'T JIER
ÚTBROCHT TROCH IT DAMBÛN FRYSK SPUL

36 ste jiergong nûmer 2 Februari 2015

Einredaksje: Alie Cnossen en Folkert Groenveld

Alie Cnossen, Hoytemadyk 16, 8614 AR ALDEGEA SWF
Till. 06 – 24 62 89 86 mail: aliecnossen84@hotmail.com

Folkert Groenveld, Riperwei 6, 8623 XD DE JUTRYP
Till. 0515 – 42 45 17 mail: groenveldf@hotmail.com

Lêzersjild: fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:
Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert
Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

Bestjoer:

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea SWF
  swalinga.baard@hetnet.nl 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.
  siebrendyk@gmail.nl 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.
  p.sikma@hetnet.nl 0515-569561
- Kommisjes Ferskate kommisjes

FRAGMINTEN DAMCLUB HARTWERT E.O

Op 17 novimber spile Germ Bruinsma (Wommels) yn de kompetysje fan damklup Hartwert tsjin Harmen Westra (Lollum). Germ spile mei wyt. Op in stuit wie de stân:



En no giet it mis mei Germ; Harmen spilet **22-27; 31x22 19-23; 22x24 14x41; 47x36** en no is de lange hoeke fan wyt frij leech. Je soene tinke Harmen giet der mei syn skiven út de koarte hoeke op ôf, mar Harmen wat oars yn gedachten. Hy spilet **13-19**; Germ sjocht it gefaar blykber net en spilet: **42-37 9-14; 37-31** en mei de wurden 'ik gok it derop' slacht Harmen ta: **19-24; 30x10 5x14; 25x5 16-21; 5x16 6x46**. It gefaar kaam dus net alline út de koarte hoeke, mar ek út de lange hoeke! Harmen dus in daam, mar wol 2 skiven minder. Nei in pear setten koe Germ de daam wer pakke en wie it ek wer gelyk hout, mar de houtsjes fan Harmen stiene better en hy koe de partij dan ek winne.



In wike earder spile deselde Germ Bruinsma mei swart tsjin Sjouke de Boer (Eksmoarre); no set Germ de oanfal yn:

36-41; 47x36 10-15; 25x5 4-9; 5x16 6x46; in soad houten op slach, mar it stiet krekt goed foar Sjouke; hy spilet **30-25**. Swart kin op ferskate manieren 3 skiven slaan, mar it is yn alle gefallen winst foar wyt!

- 46x20 25x3 as 25x5
- 46x15 25x3
- 46x47 24-20; 47x15 25x3

Yn beide foargeande fragminten wurd it hiele damboerd dus goed brûkt!

Ek op moandei 17 novimber spilen Fedde Wiersma (Easterein) en Hein de Vries (Ljouwert) tsjin elkoar. Fedde hie wyt. Yn de partij wie in frij soad ôfruile en Fedde wie al bliid dat er lyk bliuwe koe tsjin de topper út Ljouwert. Nei de 37e set fan swart is de stân:



Wyt is no ryp foar de sloop! (Lusoris: -7,21). De trije houtsjes yn de koarte hoeke wurde yn betwang hâlden troch de skiven op de fjilden 13 en 25; 37-32 kin net spile wurde, want dan komt 17-22; 37-31 kin ek net, want dan komt dêrnei 17-21. Wyt hat dus allinne 47-41 as 47-42. 'It is gebeurd' sei Fedde; 'der liket it wol op' wie it antwurd fan Hein. Opjaan dogge je fourt net, want ja je witte mar nooit! Dus Fedde spile **47-42** en gie der fanút dat Hein 21-27 spylje soe; en dan: 42-38 27x47; 29-23 47x35 of 47x44 of 47x49; 23x5 en Fedde wie der wis fan dat Hein ien fan de de skiven op 17 of 25 wol nei de daam bringe soe.

Mar Hein spile gjin 21-27: hy seach op it lêste momint allegear apen en bearen op it boerd, en tocht dat it nei de set 21-27 remise wurde soe en dêr naam Hein gjin genoegen mei! Hoe seach Hein it: 21-27; 42-38 27x47; 29-23 47x35 (dat er ek nei 44 as 49 koe hie er yn de partij net sjoen); 23x5 en doe tocht Hein dat er 35-49 spylje moast (25-30 kin net, want dan slacht wyt 5x45), mar hy wie hielendal fergetten dat er ek noch in skiif op fjild 17 hie!

Hein spile dus gjin 21-27 mar **4-9** en doe krige Fedde wer lucht en hoop! It gie fierder mei **37-32** (der driget no 29-24 en 32-28) **13-19**; **40-35 19x30**; **35x15** (swart hie folle better 35x24 slaan kinnen, mei dernei 25x23; 32-38 23x32; 42x31) **30-35; 15-10 9-14; 10x19 35-40; 19-14 40-45; 14-10 45-50; 10-5 21-26; 42-37** (sjen om kamp te heljen troch 37-31) **50-45; 32-28** en doe die Hein in misse set: **45-1; 37-31 1x14; 5x46** en wit wint. Hein ferlear dus net troch de apen en bearen (dy't der ommers net wiene) mar troch in lúzich setsje oan de ein. Dus: geef nooit op, men weet nooit hoe een koe een haas vangt!

It komt yn partijen foar dat beide spilers itselde sjogge, mar dat nei ôfrin bliken docht dat beide it by it ferkearde ein hienen. Dat barde ek op 20 oktober yn de partij tusken Fedde Wiersma (wyt) en Jan Bouma. Sawol Jan as Fedde mienden dat de 39e set fan Fedde de winnende wie, mar beiden hiene in mooglike mooie plakker fan Jan oer de kop sjoen. Nei de set **26-21** wie de stân:



Jan spile **12-17**, mar wist ek wol dat dy set ferlies bestjutte; mar ja wat moast er oars spylje? De partij gie fierder mei **21x12 16-21; 27x16 6x46; 25-20 46x19; 20x29** en winst foar wyt.
Dan is it altyd moai dat dammers dy't der neist sitte (yn dit gefal Tjerk Wijbenga) it wol goed sjoen hawwe: de lêste fan Fedde (26-21) koe hielendal net, want Jan koe dan winne troch: 10-15; 25x5 6-11; 5x19 (daamslach giet foar) 11x13 (3 skiven + daam)! Efterôf wie it net sa moeilik, mar je moatte it beide yn de partij wol sjen!

Yn beide foargeande fragminten kaam Fedde mei de skrik frij. Door het oog van de naald! Dat gie op 13 oktober oars tsjin Klaas Abma. Klaas wie foarich jier kampioen yn de Haadklasse B en damt dit jier foar it earst fan syn libben yn de Haadklasse A fan de damklup yn Hartwert. Klaas, de skriuwer/ kompetysjelieder fan de damklup hie Fedde yn de tange en liet net mear los; better sein: hy knypte noch mear ta! Nei de lêste set fan Klaas (hy hie wyt) wie de stân:



Swart (Fedde) hat net safolle setten; nei 12-18; 38-32 18-23 folget 32-28 23x32; 27x38 en wyt rint mei skiif 21 samar nei daam. Fedde tocht mei **29-34; 35x33 24-30** kâns te meitsjen op in kampspul, mar hy siet yn de tange en kaam der net mear út: **38-32 12-18; 33-28 18x38; 32x43 30-34; 21-17 34-40; 27-22!** (wol Klaas 2 dammen helje? ik seach de strop noch net hingjen!) **40-45**; **43-38** en swart kin neat mear! Op 45-50 folget 38-33 en op 6-11 folget 17x6 45-50 en 22-17. Dit hie ik net oankommen sjoen.

Fedde Wiersma, Easterein

SKEARNEGOUTUM WER MINIKAMPIOEN

Skearnegoutum hie de lêste jierren hast in soarte fan abonnemint op it miniklupkampioenskip, de wedstriid yn it fluchdamjen mei fjouwertallen. Ferline jier kaam oan de searje in ein trochdat de Stadige Strikers mar twa dammers ôffurdigen, sadat doe sels in fûzje mei twa Aldegeasters nedich wie om in folsleine ploech efter de tafels te krijen. It sa ûntstiene nije doarp "Skearnegea" koe doe lykwols gjin potten brekke. Dat kaam de Skearnegoutumers sa't it liket lykwols al te bot har ear te nei. Yn de edysje 2014 fan it kampioenskip waarden mar leafst twa folweardige ploegen ynset. Mei as resultaat dat it kampioenskip ek wer binnen helle waard.

Der wie oars dochs al flink wat flecht op 'e koai, dy jûn fan 'e 21ste novimber dêr yn Jorwert. Hiene der ferline jier noch sân fjouwertallen ynskreaun, no wiene it mar leafst tsien. Dat betsjutte dus dat der 40 dammers op 'e boppeseal fan kafee "Het Wapen van Baarderadeel" in plakje krije moasten. Gelokkich hat dy seal ek in toaniel, dat sa kaam it dat guon dammers wat op 'e oaren delsjen koene.

Wa't dat gefoel oan 'e ein it sterkste hie, wie dus it fjouwertal fan Skearnegoutum I. No wie dy ploech mei mannen as Jelle Wiersma, Bauke Dijkstra, Cor Kooistra en Dicky van der Meer fansels fuort al favoryt. Op papier die regearjend kampioen Aldegea I, mei Henk Haanstra, Folkert Groenveld, Willem Hoekstra en Sjoerd Couperus, dêr oars net foar ûnder. It streekrjochte duel einige dan ek yn in lykspul. Dat wie yn 'e lêste fan 'e fiif omlopen. De Aldegeasters makken dus gjin gebrûk fan 'e mooglikheid om de earder oprûne efterstân yn te rinnen, dy't ûntstien wie nei in earder lykspul tsjin Lollum.

De Lollumers soene úteinliks as fjirde einigje. Se ferprutsten it wat mei in lykspul tsjin de lettere degradant Blauhús, en in dikke 0-4 tsjin Jorwert I. Likegoed mochten de Jorwerters har djip skamje. Der wiene nammentlik twa pûles fan fiif ploegen yndield, en om op fiif omlopen te kommen moasten de ploegen fan de A-groep ien kear tsjin ien út de B-groep. As iennichste A-ploech slagge it de Jorwerters om te ferliezen. De eare om de op papier sterkere dammers in draai om 'e earen te jaan kaam Skearnegoutum II ta. Mei troch dat resultaat einige dus de twadde Skearnegoutumer ploech, mei dêryn Hennie de Haan en Marjolein Bakker, kreas op it twadde plak yn 'e B-klasse. En wa sei dêr dat froulju net damje kinne?

Kampioen fan 'e B-klasse waard Hartwert, diskear deeglik beset mei Tsjerk Wijbinga, Fedde Wiersma, Germ Bruinsma en Klaas Abma. De Hartwerters hoegden yn har eigen klasse inkeld in lykspul oan Skearnegoutum II ta te stean. Mar ja, dy Skearnegoutumers ferlearen dan wer mei 0-4 fan it op papier dochs wier net sterke Jorwert II. Sa sjogge jo mar wer dat har op sa'n

fluchdamjûn allegearre ferrassings foardwaan kinne. En dat makket no krekt mei de sjarme der fan út.

Utslaggen earste omloop:
Blauhûs - Lollum I 2-2; Jorwert I - Skearnegoutum I 1-3; Aldegea I - Hartwert 3-1; Lollum II - Jorwert II 3-1; Skearnegoutum II - Aldegea II 2-2.

Utslaggen Twadde omloop:
Aldegea I - Jorwert I 3-1; Skearnegoutum I - Blauhús 4-0; Lollum I - Jorwert II 4-0; Hartwert - Skearnegoutum II 2-2; Aldegea II - Lollum II 2,5-1,5.

Utslaggen tredde omloop:
Lollum I - Skearnegoutum I 1-3; Blauhús - Aldegea I 0-4; Jorwert I - Skearnegoutum II 1,5-2,5; Jorwert II - Aldegea II 3-1; Lollum II - Hartwert 0-4.

Utslaggen fjirde omloop:
Aldegea I - Lollum I 2-2; Jorwert I - Blauhús 2,5-1,5; Skearnegoutum I - Aldegea II 4-0; Hartwert - Jorwert II 4-0; Skearnegoutum II - Lollum II 2-2.

Utslaggen fyfde omloop:
Lollum I - Jorwert I 0-4; Skearnegoutum I- Aldegea I 2-2; Blauhús - Lollum II 4-0; Jorwert II - Skearnegoutum II 4-0; Aldegea II - Hartwert 1-3.

Einstân(mei tusken heakjes de buordpunten)

Einstân groep A

Skearnegoutum I	4,5	(16)
Aldegea I	4	(14)
Jorwert I	2	(10)
Lollum I	2	(9)
Blauhús	1,5	(7,5)

Einstân groep B:

Hartwert	3,5	(14)
Skearnegoutum II	2,5	(8,5)
Jorwert II	2	(8)
Aldegea II	1,5	(6,5)
Lollum II	1,5	(6,5)

Siebren Dyk

WA SJOCHT DE OPLOSSING

Bauke Bos fan Sint Nyk siet efter de computer tsjin Lusoris te damjen. Doe kaam hy op bygeand standsje. Wyt begjint en wint. Wa sjocht de oplossing? Jou it troch oan de redaksje fan de Oer alles!!!



FRIESCH DAGBLAD 7 NOVEMBER 2014

In het Friesch Dagblad van 7 november las ik uw artikel over het damverleden van mijn vader Johannes Hijma. Dat heb ik zeer gewaardeerd en hartelijk dank daarvoor. De vermelde partijen heeft hij nog tientallen keren aan mij laten zien. Hij kende ze nog uit zijn hoofd toen hij 90 was. Wat ook leuk is, dat wij samen (heel lang geleden, toen ik nog damde) de openingszetten tegen Willem de Vries hebben uitgedokterd. Hij is waarschijnlijk de enige die erin is getrapt.

Met vriendelijke groet,
Pieter Hijma, Zoetermeer

FERSLACH DAMMERIJ LOLLUM, 28 NOVIMBER 2014

De dammerij wie net hiel goed besocht: alles meiinoar 14 dammers. Mar dy't der wiene, hawwe in moaie jûn hân. De dammerij wie op in histoaryske lokaasje: it lokaal efter de eardere Grifformearde tsjerke fan Lollum. It doarpshûs wie nammentlik oars beset, en der wie net in datum te finen dy't èn goed op 'e wedstrydkalinder paste, èn gaadlik wie foar it doarpshûs.

Yn it ferline hawwe der wol 50 man sitten te damjen yn it lokaal, en moasten guon sels yn 'e tsjerke strike. De leden fan de Grifformearde Tsjerke wiene it dêr net allegear mei iens: it lokaal wie foar tsjerklike aktiviteiten, damwedstriden hearden yn it doarpshûs. Op gemeentejûnen waard dat alle jierren op it aljemint brocht, en alle kearen sei de kommisje fan behear, dy't hier en ferhier fan de tsjerke regele, dat se deroer prate soene. Alle jierren brocht de kommisje yn syn earste gearkomste nei de gemeentejûn de fraach yn stimming, oft der wol of net damd wurde koe yn it lokaal. De kommisje bestie út fiif persoanen, en trije fan de fiif wiene lid fan de damklub ... Jim kinne wol riede, hoe't dy stimming alle jierren útfoel.

Yn de **klassen 1, 2 en 3** diene mei: Herman Bakker, Rindert Walinga, Klaas Koopmans en Paul Borghaerts.

Utslaggen:
1e omloop: Herman - Paul 0-1; Rindert - Klaas 1-0;
2e omloop: Paul - Herman 1-0; Herman - Rindert 0-1;
3e omloop: Rindert - Paul 1-0, Klaas - Herman 0-1.
Priis: Rindert Walinga (3 pt.); preemje Paul Borghaerts (2 pt.)

Haadklasse A
Fedde Wiersma, Jan Bouma, Bauke Dykstra (earste groep), Willem Hoekstra, Harmen Westra, Liuwe Westra (twadde groep). Tsjin Cor Kooistra koe ik der yn de iepening noch in moai slachje úthelje, de iepening wie in standaard foar de rún lâns spultsje:



31-26 20-25, 37-31 14-20, 32-27 17x37, 42x32 11-17, 47-41 19-24, 34x14 10x19,40-34 7-11, 41-37 1-7, 31-27 17-21, 26x17 11x31, 37x26 16-21, 26x17 18x16, 42-37 4-10, 37-31 12-17

De oplossing: 32-27 17x26, 34-30 35x27, 38x27 26x28, 35-30 20x48, 43x1

Dernei kin nei 8-13 de daam altyd fongen wurden.

Eareklasse:
Marten Walinga, Tsjerk Wijbenga, Foeke Tiemensma, Cor Kooistra

Utslaggen:
1e omloop: Marten - Cor 1-0; Tsjerk - Foeke 0-1;
2e omloop: Cor - Foeke 0-1; Marten - Tsjerk 1-0;
3e omloop: Tsjerk - Cor 0-1; Foeke - Marten 1-0.
Priis: Foeke Tiemensma (3e pt.), preemje Marten Walinga (2 pt.)

Foeke Tiemensma, ek regearjend kampioen fan it iepen Littenseradiel, hat it foarnimmen útsprutsen om dit seizoen alle toernoaien te winnen. Liuwe hie mei swart in aardich setsje tsjin Jan Bouma (wyt). Hy wie yn in kantspul bedarre, en wist hoe tûk oft Jan dêryn is. Op in stuit wie de stân sa:



Wyt is nei fjild 38 ta rûn, om aansen 38-33 te spyljen, en dêrnei 33-29, en dan it houtsje op 26 ferhúzje litte nei 34. Beide partijen hawwe dan wer in hiel soad streek, en it spul kin alle kanten út gean. Om dat te foaren te kommen, spilet swart 5-10. No kin 38-33 net fanwegen 24-30. Ofruilje mei 40-34 hat wyt net goed talike, en 41 opspylje is ek gjin opsje. Dat dan mar út 'e hoeke wei mei 50-44. Mar no sit der in hiel aardich slachje yn. Oplossing (koarte notaasje): 20, 14, 9, 17.

Liuwe Westra

ZATERDAG 27 DECMEBER FRIES DAMMEN IEN IT JOO

Oft it no kaam omdat it krystdinee by de measte dammers ferkeard fallen wie of dat se har ôfskrikke litten hiene troch panikerige berjochten oer sniestoarmen, dat wie net alhiel dúdlik, mar feit wie al dat de opkomst op 'e damdei op sneon 27 desimber yn Aldegea mar frijwat eameltsjes wie. De thúsbliuwers koene dêr spyt fan ha. Bûten wie it kâld, mar binnen wie it waarm, en der binne dy deis prachtige partijen spile. De winners gongen boppedat mei in bêste rollade wer op hûs oan. Sintraal stiene de kampioenskippen by de froulju en de legere klassen. Spitigernôch wie der foar de tredde klasse gjin inkelde oanmelding, dat de spesjaal yn it libben roppen wandelbeker krige foar dy klasse foar it jier 2014 noch gjin ynskripsje. Dat wie wol it gefal foar dy fan 'e froulju. Hennie de Haan wûn al har partijen, en sy waard dus de terjochte kampioene, en dêrmei de opfolgster fan Tineke Brander fan Heech, dy't sa't it like net yn 'e gelegenheid wie om har titel te ferdigenjen.

Alie Cnossen waard fertsjinstlik twadde, noch foar Tineke Teigeler. Akke Renske Walinga hie foar dizze dei spesjaal oppas regele, mar dat holp blykber net: nei ôfrin fan 'e dei stiene der noch altyd nul punten efter har namme. It kampioenskip yn 'e earste klasse waard wûn troch Siebren Dyk út Jorwert. In opmerklike prestaasje, want Dyk wie ferline jier kampioen fan 'e twadde klasse wurden, en stjit dus sa yn ien kear troch nei de Haadklasse A. Dit is dus dúdlik in spiler dêr't de Fryske damtop yn 'e takomst rekken mei hâlde moat. Apart wie al dat de kampioen yn in streekrjocht duel ferlear fan 'e nûmer twa, Johannes Hoekstra. In trochstjittend talint wie der ek yn 'e twadde klasse. Aldegeaster Sietse de Jong dammet noch

mar twa jier, mar fersloech wol even festige nammen as de beide Jannen Nauta en De Jong. In kreaze prestaasje! Mei Jan Nauta skilde it oars neat. Beide mannen kamen út op 2,5 punten, en doe moast it Sonnenborn-Berger-systeem (bûnsfoarsitter Siebe Walinga hie it by de priisútrikking grapjeiend oer it Sonnema Bearenburch-systeem) útkomst jaan. Dêr skoarde Sietse krekt wat better, tanksij syn knappe oerwinning op Johannes Hoekstra.

Foar de histoaryske wierheid moat der nammentlik wol by ferteld wurde dat de earste- en twaddeklassers fanwegen de lege opkomst meijoar yn ien pûl set wiene. Dat late ta de brike útkomst dat de beide boppeste plakjes beset waarden troch twadde klassers. Mar goed, sa is it spul en sa moat it spile wurde. Allinne Jan de Jong bleau wat by syn kollega-twaddeklassers yn 't efter. Mar it slagge de Ljouwerter wol wer om mar leafst trije kear kamp te spyljen, en dat is yn it Frysk damjen ek wol wer in prestaasje fan formaat. Der wie ek noch in kampioenskip yn 'e haadklasse A. Dat waard wûn troch Bauke Dijkstra, mei Piet Sikma fertsjinstlik op it twadde plak. Gerrit Schilstra spile kamp tsjin dy beide mannen, en waard dêrmei treds. Omdat de spilers fan 'e trije achten yn febrewaris har eigen kampioenskip ferspylje, wie der foar harren in klassike damdei organisearre. Trije fan harren wiene yndield by de haadklassers, mar koene dêr net echt potten brekke. De absolute top wie te finen yn in apart kwartet. Singelier wie dat de beide Walinga's, Siebe en Marten, dy't dêr yn Aldegea dochs eins in foech thúswedstriid spilen, der hielendal neat fan bakten. Sa kaam de koartste partij fan 'e dei op namme fan Marten Walinga. Yn syn iepening tsjin Taeke Kooistra probearre er wat oars as oars, mar syn eksperimint rûn folslein op 'e non. Marten, dochs oars in grut foarstanner fan trochdamjen, wie sa telider slein dat er Kooistra al nei tsien setten de hân joech.

KLUPKAMPIOENSKIPPEN 2015

It wie wer in bjusterbaarlike dei yn Easterein. Yn Kafee Bergsma, Noflik Easterein, in gaadlik plak foar de Frysk dammers. We fiele ús der o'sa wolkom. It bestjoer hat alles wer op streken en bûnsfoarsitter Siebe Walinga sprekt it damfolk ta. Hartwert is sittend kampioen en earste boerd spiler Teake Kooistra, mei neast him Hein de Vries en Tjerk Wijbinga heare it oan. Dan is der in plechtich momint. Jouke Wijnja hat it euphonium meinommen en spilet it Frysk folksliet. Dan giet it oan!

Alle útslaggen komme kreas op papier. Der ûntkomt Klaas Wiersma neat.



It kampioens-achttal yn aksje. Fan it achtste boerd ôf Gerrit Schilstra, Willem Hoekstra, Rein Jan Walinga, Jouke Wijnja, Sjoerd Couperus, Henk Haanstra, Folkert Groenveld en Siebe Walinga. Rein Jan hat twa fingers omheech, mar dat hiene better trije wêze kind; hy wûn al syn partijen!

Meike van der Meer hat tsjin Sjoerd Teake Kooistra de put der út. Mar efkes letter hat er mei Ids Boersma wer it heechste wurd. Ids rint blau oan fan it laitsjen.

Folkert Attema sit mei wyt tsjin Ygram Wijbinga en koe it wol hast oan de longen ha. De hiele dei hearden we him hoastjen.

Oan it achtste boerd fan De Gaastmar sit mei swart Ulbe Renema. Hy is it damjen noch net ferleard. Mei tsjinstanner Gerrit Schilstra bliuwt it altiid oppasjen. Ulbe hat krekt de snert op. Soe er dêrom efkes net by de les west ha?

Neidamje duorret hast langer as gewoan damje. Sietse de Jong en Willem Hoekstra ha der wille om. En ûnder steane Fries om utens Bokke Nijdam en Germ Bruinsma fan Hartwert wakker te stinnen. Meike van der Meer en Rients Winia sjogge it oan.

Wat hienen Pieter Hoogterp (wyt) en Siebe Walinga der in dreech spul op stean. Fierstente min tiid om it fatsoenlik út te damjen en dan wurdt it bûge of barste.

Foar Pieter waard it barste en dan komt dat wol efkes oan. Sittend op tafel Johannes Hoekstra, Augustinus van der Goot en Henk Haanstra sjogge ta. Stinus is de learmaster fan Pieter en hy die it hjoed treflik. Trije spullen wûn er. Ja dat komt, sei er, ik bin fan de pillen ôf!



De partij gie fanút dizze stân, yn tiidneed!, 1.37-32 14-19 2.46-41 en doe hie Pieter in slach meitsje kind troch 2. …19-24 3.34x14 20x9 4.35-30 25x34 5.29x30 6-11 6.21x1 15-20 7.30x10 18-22 8.27x18 8x46 9.10x6 46x26 10.1x4 3x5 11.6-1 26-3 en dan hat swart in daam op 3 en skiven op 2 en 5. Wyt in daam op 1 en in skiif op 45. Dat kin swart winne?

En dan de striid yn de Twadde Klasse. It gie tusken Lollum/ Waaksens en Blauhús. Foeke Tiemensma, mei burd, hat it hiel dreech tsjin Manfred de Wolff. En Marten Walinga allyk tsjin Jappie de Jong. Wat binne de Blauhústers gebrand, sjoch ris nei dy fûle koppen! Se komme ien rudich heal puntsje te koart tsjin de Lollumers. Oars hienen sý en net

Lollum oar jier yn de Kampioensklasse damd. Tink der mar om dat De Skyfkes der oan komme!

It momint fan it toernoai! Teake Kooistra (swart) stiet gled wûn tsjin Jelle Wiersma fan De Stadige Strikers fan Skearnegoutum. Mar Wiersma bringt der noch in luzige slach yn en wint. En dat wie net de iennige winstpartij. Alle trije kear wûn Jelle Wiersma oan it earste boerd! Sa komme de Skearnegoutumers op 5-3 tsjin Hartwert. De twadde omloap is dien. Nocht&Kriich fan Aldegea hat twa kear wûn, mar moat noch tsjin Hartwert en dy ha lykas Skearnegoutum ien punt. Aldegea ferliest misskien en Skearnegoutum wint fan De Gaastmar, dan kin it noch raar komme.

Jelle en Teake eidzje de partij nochris oer.



Yn dizze stân makke Teake de flater. Nei 1. ..4-9 hie it gau út west. Mar nei 1. ..21-27? 2.28-22 27x18 3.4-10! 15x4 4.16-21 4x22 5.21x43 24-29 6.8-2 liket it al oars foar swart. Dy spile 6. …4-10? En koe nei 7.2-30 opjaan. Nei 6. …29-34 7.2x5 34-40 is it kamp.

Mar Aldegea liet it net mear rinne. Al kamen de Hartwerters noch mei twa om neat foar, stadichoan rûgelen de punten foar Nocht&Kriich binnen. Oant de lêste partij: Folkert Groenveld wint fan Hein de Vries en it is 4-4, in lykspul, mar Nocht&Kriich is kampioen.



Hein de Vries hat wyt en kin de skiif op fjild 11 nei de daam strike en kamp meitsje. Hy is wat benaud foar 42-47 en dan kin der gjin daam 2 helle wurd troch 24-29. Dat Hein strykt 1.40-34? 24x44 2.50-39 42-48 en swart sil winne. Nei 3.11-6 kin wyt troch 48x25 fjild 3 besette en de swarte daam fange. Dus 3.39-33 48-42 (en net 48-43 as 48-31, dan kin wyt net daalk nei de slach fjild 3 besette.) 4.33-28 42-37 5.28-22 37-31 Dat is de tredde daamset fan swart en it komt krekt út. In slach mei no wol.

Op it poadium mei foaroan âld rât (as jonge hûn?) Sjoerd Couperus.

Siebe Walinga is in tefreden man. Yn syn ferwaarme skuorre fiere de Aldegeaster dammers oant yn de lytse oerkes harren sawnde kluptitel. En wurdt der fansels noch efkes neidamd…..

(troch Folkert Groenveld, foto's fan Klaas Weerstra en Johannes Hoekstra)

ALDEGEA (SWF) NIMT DAMTITEL FAN HARTWERT OER

Easterein -- Sa'n hûndert beoefeners fan it damjen Frysk spul kamen ôfrûne sneon wer byelkoar om te striden foar it jierlikse klupkampioenskip. In soad minsken hiene yn it foar ferwachte dat it no ek wol wer tusken Hartwert en Aldegea (SWF) gean soe. Dêrby wie it de fraach ynhoefier oft regearjend kampioen Hartwert it ferstjerren fan de sterke spilers Germ Terpstra en Stoffel Bouma opheine koe.

Dochs hold it kampioenskip him net oan dit foarôf úttochte senario. De earste omloop wie noch wol kreas neffens de ferwachting. Hartwert wûn doe mei 5,5-2,5 regulier fan it promovearre De Gaastmar, en Aldegea wie mei 5-3 te sterk foar Skearnegoutum. Dyselde "Stadige Strikers" hellen lykwols yn 'e twadde omloop in stunt út tsjin Hartwert. Beslissend wie de striid op it earste boerd, tusken de beide damgiganten Taeke Kooistra en Jelle Wiersma. De Hartwerter hie Wiersma folslein yn 'e tange en kaam ek noch ris in hout foar. Likegoed slagge it de Skearnegoutumer om him los te wrakseljen, en ek noch ris om op in ûnferwachtse wize foardiel út syn daam te heljen. Wiersma wie der sels wat ferstuitere fan dat it sa noch rûn wie, en woe him dêr eins ek wol foar ferûntskuldigje, mar de sportieve Kooistra ferklearre simpelwei "dat dit no ienkear damjen is".

Troch dy 5-3 oerwinning fan de Skearnegoutumers lei ynienen alles wer iepen. As hja neffens ferwachting fan De Gaastmar winne soene, en Aldegea it yn 'e lêste omloop net oprêde soe tsjin Hartwert, dan soene mar leafst trije ploegen mei likefolle punten boppeoan einigje. Safier kaam it lykwols net. De Stadige Strikers hiene nei har striid tsjin Hartwert de put der sa't it like út. Se gongen kopke ûnder tsjin it dochs wier net sa sterke Gaastmar, ek al skilde it net folle: 3,5-4,5. Underwilens kaam Hartwert tsjin Aldegea net fierder as in lykspul, mar ek dat wie in knikker op 'e kant. Tsjin de Hartwerter Hein de Vries moast Folkert Groenveld yn in stân fan trije om trije en ûnder slimme tiidsdruk al syn rekkenfeardigens oansprekke, mar doe koed er ûnder applaus de winst ek nei him tahelje. Dêrmei besoarge er "Nocht en Kriich" it klupkampioenskip, en sa namen de Aldegeasters it stokje wer fan Hartwert oer.

Yn 'e kampioensklasse sil it plak fan it degradearjende Gaastmar takom' jier oernaam wurde troch Lollum. Dy makken har favoriterol yn 'e earste klasse wier, mar ek hjir wie it dochs noch spannend. It achttal fan Blauhús, sûnder grutte toppers mar sterk yn 'e bridte, kaam nammentlik yn it streekrjochte duel wol hiel tichteby. It waard úteinliks 4,5-3,5 foar de Lollumers. De legere achttallen fan Hartwert en Aldegea koene hjir gjin rol fan betsjutting spylje. De tredde klasse waard wûn troch it ferline jier degradearre Jorwert, dat net al te folle tsjinstân ûnderfûn. Troch in tal meunsteroerwinnings eigenen de Jorwerters har ek it Hokwerdaskyld foar de measte buordpunten ta.

Utslaggen en einstannen (mei tusken heakjes it tal buordpunten):

Kampioensklasse:
Hartwert -De Gaastmar 5,5-2,5, Aldegea - Skearnegoutum 5-3; Skearnegoutum - Hartwert 5-3; De Gaastmar - Aldegea 1,5-6,5; Aldegea - Hartwert 4-4, De Gaastmar - Skearnegoutum 4,5 - 3,5.

Eindstân:
Aldegea 2,5 (15,5); Hartwert 1,5 (12,5); Skearnegoutum 1 (11,5); De Gaastmar 1 (8,5).

Twadde klasse: Lollum - Aldegea II 6,5-1,5, Hartwert II - Blauhús 1-7; Blauhús - Lollum 3,5-4,5, Aldegea II - Hartwert II 2-6; Hartwert II - Lollum 3-5, Aldegea II - Blauhús 3-5.

Einstân: Lollum 3 (16); Blauhús 2 (15,5); Hartwert II 1 (10); Aldegea II 0 (6,5).

Tredde klasse:
Jorwert - Aldegea III 7-1, Skearnegoutum II - Hartwert III 4-4; Hartwert III - Jorwert 2-6, Aldegea III - Skearnegoutum II 6-2; Skearnegoutum II - Jorwert 1-7, Aldegea III - Hartwert III 3-5.

Einstân: Jorwert 3 (20); Hartwert III 1,5 (11); Aldegea III 1 (10); Skearnegoutum II 0,5 (7).

KLUBKAMPIOENSKIPPEN PUPILLEN BLAUHÚS
24 JANNEWARIS 2015

Blauhús fertsjinne kampioen!

It wie wol wat in iensidich toernoai, mei trije fjouwertallen fan Blauhús-Westhim-Greonterp en twa fan Lollum-Waaksens, en earlik sein, dêr leit wol in punt fan soarch. Op tal fan plakken binne groepkes bern oan it damjen, op skoalle of klub, en dat is fansels prachtich, hulde oan de frijwilligers. Mar hawwe jo oait fan in sport heard, dêr't jo de bern smeekje moatte oft se asjeblúft meidwaan wolle oan in wedstryd? De bedoeling fan it trenen is dochs de tarieding op de wedstriden, of bin ik no sa ûnnoazel? In pear dammers sitte ek op fuotbaljen (altyd tefolle, mar doch der marris wat oan), en as ik dy freegje oft it ek mooglik is dat jo wol op trening komme, mar net op 'e wedstryd, dan sjogge se my oan as kom ik fan Mars. Op watfoar planeet damje wy eins?

Hawar, wy hiene in moaie middei yn Blauhús, en de omkes Jappie, Bernard en Johan hiene alles poerbêst foar elkoar. Tanksij in halje trawalje opsteld spylskema (tank oan Marten) wie it mooglik om sûnder steande nûmers alle fjouwertallen tsjin elkoar spylje te litten. Jo krije dan 'brutsen' wedstriden (der spilet noait in folslein fjouwertal tsjin in oar fjouwertal, mar de earste twa fan it fjouwertal spylje tsjin in oar fjouwertal as de oare twa), mar oan 'e ein fan 'e rit hiene wy alle útslaggen - mei tank oan de meitinkers en de neirekkenders!

De útslaggen wiene:

Blauhús 1:	3 wedstrydpunten (winst tsjin Lollum 1 en Lollum 2, kamp tsjin Blauhús 2 en Blauhús 3)
Blauhús 2:	1 wedstrydpunt (kamp tsjin Blauhús 1 en tsjin Lollum 2)
Blauhús 3:	2½ wedstrydpunt (winst tsjinst Blauhús 2 en Lollum 2, kamp tsjin Blauhús 1)
Lollum 1:	3 wedstrydpunten (winst tsjin Blauhús 2, Blauhús 3 en Lollum 2)
Lollum 2:	½ wedstrydpunt (kamp tsjin Blauhús 2).

Sadwaande moasten Blauhús 1 en Lollum 1 noch in barraazje spylje, dy't einige yn 2½-1½ foar Blauhús. Dêrmei wie Blauhús fertsjinne winner, want sa seine se nei ôfrin, se hiene mar net de sterkste spilers by elkoar setten, dat wie sa ûnsportyf ...De earste omloop die bliken beskiedend te wêzen, mei in partij dy't hast in oere duorre tusken Geale Veenje (Lollum; wyt) en Jan Yeme de Wolff (Blauhús; swart). Jan Yeme is in poerbêste dammer, en Geale hat der in pear jier tuskenút west, mar op ien of oare menier wie Jan Yeme gâns yn it efter rekke. Mar it bliuwt altyd damjen, en de ein fan 'e partij wurdt ien grutte slapstick.

Swart (Jan Yeme de Wolff): houtsjes op 20, 24, 25, 30, 35
wyt (Geale Veenje): wolven op 1 en 26; houtsjes op 28, 36, 43, 44, 45, 47, 48, 49



Swart spilet 24-29, en wyt slacht nei 40. Dat is yndied de bêste, mar beide spilers sjogge net, dat swart twa houtsjes slaan moat: 30x50. Ja, en wat dan? Wyt spilet 28-23, swart slacht 50x19.

Wyt docht 43-38 en Geale tinkt: de boel ticht hâlde, en sjen dat ik noch in kear op ’e daam kom. En Jan Yeme tinkt presys itselde: 20-24, it iennige houtsje dat strike kin, en dat moat fansels nei de daam ta. It idee dat jo in wolf fan de tsjinstanner ek fange kinne, is eefkes hielendal fuort.
26-21, 19-2
38-33 (eefkes neitinke hie meskien 38-32 opsmiten), 2-16 (fansels, jeie)
21-3, 16x46 (wyt syn foarsprong wurdt hieltiten lytser) 49-44 (de folgjende frijwilliger wurdt oproppen om nei de daam ta, no’t 33 net fierder kin), 46-5
3-9, 24-30
44-39, 5-10
9-4, 10-15
33-28 (ha! it houtsje kin wer fierder!), 15-20 (15-38 hie ek wol grappich west, mar dat doarde swart net oan - terjochte)
28-22 (4-15 hie it spul gâns bekoarte), 20-15 (fjirde kear mei de wolf, mar ja, wat moat men as men net in houtsje misse kin?)
22-17 [diagram 2]



- no frege Jan Yeme: Hoe faak haw ik mei de wolf dien? Dat ja, doe moast 35-40 wol.

45x34, 30-35: oanfalle!!!
spitich, spitich, spitich: 39-33 wurdt net sjoen, en ynstee komt 48-42, 35x44
17-11 (hie dy wolf no eefkes fongen mei 42-38 ...), 44-50
11-7, 50x46 - wer ien minder ...
7-1 (beide hawwe no twa wolven en ien houtsje), 15x47 (no stiet wyt al efter)
1-45 (Geale tinkt: Watsto kinst, kin ik ek!), 25-30 (ferkearde sunichheid, mar ja ...)
4-31 [diagram 3] (sa, no kin it houtsje net fierder ...)



47-36 (wat oars)
31-42, 36-47
42-31, 46-5 (de earste taktyske set yn dit fragmint)
31-26, 30-35
45x15, 5x35

En no, nei mear as trije kertier spyljen, begûn de hiele seal fansels setten te tellen ...
26x3 (goed fjild!), 35-19 (presys, nei de lange line)
3-25, 47-36 (net hielendal neffens de téory)
25-20 (noait benaud!), 19-10 (Laurel en Hardy is der neat by)
20-3, 10-46
3-25, 46-5

En krekt as it op kamp út liket te draaien, spilet Geale syn wolf nei 9, en út is it ferhaal. Mar wat in spanning! Wat in learmominten!

Liuwe H. Westra

ENERVEARJENDE STRYK-TA YN BLAUHÚS

Freed 30 jannewaris wie wer de jierlikse stryk-ta-dammerij yn it Blauhúster kluphûs Siesa. Nettsjinsteande de winterske waarberjochten kamen dêr dochs noch 28 dammers op ta, dy't der in hiele gesellige en sportive jûn fan makken. Der waard fansels wer damd om dy bekende en ferskriklik lekkere taartsjes fan Bakkerij Popma, beskikber steld troch HANDELSUNDERNIMMING JAPPIE ZEINSTRA. De lêste hie foar dizze jûn in grut reklamespandoek ophingje litten mei dêrop in grutte ko, al tochten guon dat der kommende maitiid wol mear mûzen yn it lân rinne sille.

Der waard flot nei 7 oere starten yn 4 groepen fan 4 spilers en 2 mingde groepen fan 6 spilers, fakkundich opmakke troch Bernard Kroon, dy't dêrfoar in grut applaus fertsjinne. In spesjaal wolkom wie der foar Auke de Boer en Jan Hoekstra fan Reahûs. Moai dat dy mannen oan dizze wedstriden meidogge! Fjirders hie Liuwe Westra beide soannen meinommen om sa foar de húshâlding safolle mooglik gebak binnen te heljen. Dêrby hied er lykols gjin rekken holden mei Bernard, dy't himsels by Liuwe yndield om sa noch in ferlerne party fan Easterein ferrekkenje te kinnen.

Yn de eareklasse gong, dochs wol ferrassend, Siebe Walinga mei de grutte taart oan ’e haal troch al syn trije partijen te winnen. De lêste party duorre sels mar 5 minuten troch in echte “Tytsma”-set, en dat soarge foar in soad opskuor ûnder de minsken. It bart net sa faak dat it measte kabaal út de foarste groep(en) komt… Fierders wie der in barraazje nedich tusken Folkert Groenveld, Foeke Tiemensma en Cor Kooistra om te beslissen wa't de lytse taart mei nei hûs ta nimme mocht. Dy waard úteinliks nei in soad spanning en spektakel wûn troch Foeke.

De haadklasse A hie trije útsprutsen winners yn Harmen Westra, Willem Schaap en, wat ferrassend, Sjouke Attema, en al even dúdlike twadde plakken: Jappie de Jong, Bauke Dijkstra en Bernard Kroon. De rest die einliks foar spek en brea mei en kaam der net oan te pas. Bernard wûn dizze kear oars wól fan Liuwe en koe sa de kater fan Easterein einliks fuortspiele!

It measte spektakel wie der yn de earste klasse, dêr't de partijen werklik alle kanten opfleagen en de gaos soms kompleet wie.

Yn it earste groepke fan trije wie Sânfurder Piet Hoekstra de sterkste en pakte George Galama de twadde priis. Yn 'e twadde groep bleau Siebren Dyk it rêstichste en pakte alle trije partijen. Beke Haanstra gong der mei it lytse taartsje fan troch. Dan de tredde klasse. Yn it earste groepke spilen Edwin Homminga en Auke de Boer in prachtpartij dêr't de omstanners fan smulden. It smiet Edwin in puntsje op, genôch foar it twadde plak. De earste priis gie nei Paul Borghaerts mei 2 winstpartijen. Yn it twadde groepke liet ek Jan Hoekstra him fan syn bêste kant sjen troch in partij te winnen. Mar it wie net genôch tsjin it damgeweld fan Jeljer Westra (2e) en Michiel Zeinstra (1e). Fuort nei de lêste partij waarden de prizen ferdeeld en gong eltsenien nei hûs yn ferbân mei de glêde dyken. De Blauhústers bleauwen noch even oan de bar hingjen en koene weromsjen op in tige slagge damjûn!

Bestjoer De Skyfkes, Blauhús

EINSTANNEN MEI PUNTETOTAAL:

Eareklasse (nei barraazje): Siebe Walinga 3, Foeke Tiemensma 1, Folkert Groenveld 1, Cor Kooistra 1.

Haadklasse A:

Groep I: Harmen Westra 3, Jappie de Jong 2, Piet Sikma 0,5, Johannes Hoekstra 0,5.

Groep II: Sjouke Attema 2,5, Bauke Dijkstra 2, Marcel Altena 1, Epke Bootsma 0,5.

Groep III: Willem Schaap 3, Bernard Kroon 2, Klaas Wiersma 1, Liuwe Westra 0.

Earste klasse:

Groep I: Piet Hoekstra 2, George Galama 1, Sytze de Jong 0.

Groep II: Siebren Dyk 3, Beke Haanstra 2, Johan Flapper 1.

Tredde klasse:

Groep I: Paul Borghaerts 2, Edwin Homminga 1, Auke de Boer 0.

Groep II: Michiel Zeinstra 3, Jeljer Westra 2, Jan Hoekstra 1.

Handelsonderneming
Veehouderij benodigdheden
Jacobidyk 11
www.zeinstra.nl
T.M.
10/2

ANNE TERPSTRA AL 65 JAAR LID VAN STRIJK OP

Zoals u waarschijnlijk al wel gehoord zult hebben bestaat damclub Strijk Op sinds het begin van dit seizoen al 65 jaar. In de herfst van 1949 werd de club opgericht. In dat jaar kwam Anne Terpstra hier wonen met zijn broer en ouders. Het gezin kwam vanuit Oudega hier naar toe om een bakkerij te beginnen. Vader Evert was in Oudega al lid van de damclub daar (in Oudega was de damclub eerder opgericht dan in Gaastmeer). Omdat vader Evert een liefhebber van het spel was leek het hem een goed idee om ook in Gaastmeer een club op te richten. Samen met o.a. Ale van Netten en Jelle Westra lukte het en zo ontstond onze club. Er werd in het begin gedamd in het lokaal bij de kerk. Mathijs Kuipers was de eerste penningmeester. Hij moest er zorg voor dragen dat de contributie werd geïnd. Deze bedroeg voor jeugdleden 10 cent/week en voor senioren 25 cent/ week (in die tijd was de gulden natuurlijk nog ons betaalmiddel).

Ook moest er natuurlijk een naam bedacht worden voor de club. Sies Bakker had de eer om deze te bedenken. Hij zou een zet doen en “nei lang stinnen” zij hij “no Stryk Op”. En dat werd dus de naam van de club. In de beginjaren beleefde je soms de gekste anekdotes. Zo had Anne eens een keer een oudere dammer te pakken die net een dam in de lange hoek had gestreken. Hierop kon Anne ook een dam halen en hij schoof ook in de lange hoek. Zijn tegenstander moest toen schuiven en hij zou dus altijd voor Anne zijn dam komen waardoor Anne de partij zou winnen. Zijn tegenstander wilde echter niet meer schuiven want hij zei 1 dam tegen 1 dam is remise (dat is normaal ook zo maar in deze ene situatie dus niet). Volgens Anne is die partij nu nog niet uitgedamd.

Een andere leuke uitspraak was van Christ Buma (vroeger een begrip in Gaastmeer). Hij zei : “ik wol wol damje mar dan de daam fuort efter it houtsje”. Ter verduidelijking: als men tegenwoordig slaat met een dam mag men na de laatstgeslagen schijf zo ver doorschuiven als men zelf wil. Heel vroeger moest men echter stoppen na de laatstgeslagen schijf. Dat wilde Christ dus ook maar die vroegere regel was toen al veranderd.

En dan natuurlijk het feit dat sommige dammers zich verliespartijen erg aantrokken. Een op de club bekend verhaal is dat in de beginjaren Sies Bakker na een verliespartij het dambord thuis weer op tafel haalde om uit te zoeken hoe hij het toch zo “weibarchje koe”.

Toen de club werd opgericht was Anne “in jongkeardel” van 12 jaar. Een mooie leeftijd om ook bij de club te komen. Dus Anne heeft alle hoogte- en dieptepunten van de club meegemaakt. En natuurlijk ook vele persoonlijke herinneringen. De herinnering die hem na al die jaren nog steeds in het geheugen staat gegrift betreft een damwedstrijd in Oppenhuizen. Deze vond

plaats op 28 december 1950 (in de tijd dat het 's winters meestal wel vroor). Anne was toen dus 14 jaar en kwam in die tijd uit in de 3e klas (laagste klasse bij het Frysk Damjen). Zijn persoonlijke herinnering aan deze wedstrijd: "Het was winter en de wegen waren slecht begaanbaar. Platgereden sneeuw was als een ijslaag geworden. Daarom ging ik met de bus naar Sneek en van daaruit lopend naar Oppenhuizen. Ik was toen 14 jaar. Ik kwam in de 3e klas uit waarin die dag 12 dammers uitkwamen. Het was verdeeld over 3 groepen van 4 dammers. Het ging me die dag goed af en ik kwam als groepswinnaar uit de bus. In die tijd moest je als groepswinnaar nog tegen de andere groepswinnaars dammen dus het werd een lange zit. De eerste partij in de finaleronde won ik maar de andere partij kon ik niet meer spelen omdat om 10 uur 's avonds de laatste bus vanuit Sneek vertrok. En die moest ik natuurlijk wel halen. Omdat ik eerder vertrok gaf men mij toen maar de 3e prijs. In Sneek aangekomen bleek dat de laatste bus reeds was vertrokken. Dus er zat niets anders op dan lopend naar Gaastmeer te gaan. Maar dat bleek geen pretje te zijn. Vooral de weg van Hommerts naar Gaastmeer was spiegelglad. En bovendien lagen de wegen in die tijd ook nog heel erg rond dus als je op het midden van de weg zou lopen gleed je meteen naar de berm. Al lopend en dravend door de berm kwam ik ver na middernacht weer in Gaastmeer aan met mijn 3e prijs. Een prijs dus die normaal gesproken geen waarde zou hebben gehad maar met het verhaal wat er aan vast zit is het mijn meest dierbare medaille. P.S. in die tijd waren er nog geen mobieltjes en in Gaastmeer zelfs nog geen auto's. Alleen de bussen van M. Westra (de zgn. Zuidwesthoekbussen) zorgden voor het vervoer".

Een andere wedstrijd die Anne nooit vergeten is betreft niet zozeer de wedstrijd op zichzelf maar meer de datum waarop die verspeeld werd. Deze vond namelijk plaats 31 januari 1953. De ouderen onder ons zullen deze datum zeker nog in het geheugen gegrift hebben. In de nacht die op deze dag volgde voltrok zich de waarschijnlijk grootste natuurramp die Nederland ooit heeft gekend. In deze nacht vond namelijk de watersnoodramp plaats. De damwedstrijd betrof een voorronde voor de finaleronde van de clubkampioenschappen. De wedstrijd vond plaats in Oppenhuizen. Gelukkig was Tobias ten Hoeve toen ook al lid van de club. Omdat Tobias buschauffeur was, was de ploeg 's morgens met de bus (een zgn. Bedford) naar Oppenhuizen gereden. Overdag ging het al flink tekeer. Zo waaide de vlag (ter ere van de verjaardag van prinses Beatrix) al van de toren en ook viel het licht in de zaal uit. Met kaarslicht bij de damborden werd er toen verder gespeeld. 's Avonds ging het gezelschap ook weer met de bus naar huis. Anne kan zich nog herinneren dat het toen ook flink spookte. Tobias had "hâlden en kearen", maar omdat er toen eigenlijk nog geen verkeer was kwam de ploeg zonder kleerscheuren weer in Gaastmeer. Heeg (waar toen ook een damclub was) ging overigens door naar de finale. Maar toen de volgende dag het rampzalige nieuws binnenkwam maalde er niemand meer om het mislopen van de finaleronde.

Aan de zgn. clubkampioenschappen heeft Anne natuurlijk ook vele keren meegedaan. In de eerste jaren was het niet zo'n probleem om hierbij op tijd aanwezig te kunnen zijn. Toen zat vader Evert namelijk ook nog mee in de bakkerij. Maar toen pa in 1968 een hartaanval kreeg (gelukkig vielen de gevolgen hiervan mee) kwam Anne er alleen voor te staan. En dan is het nog niet zo makkelijk om alles op tijd klaar te krijgen. Daarom besloot Anne toen al snel om het brood en banket voortaan maar door bakkerij Ypma te laten bakken. Maar ondanks deze tijdsbesparing bleef "it in poepetoer" om op tijd op de wedstrijden te komen. En helaas was er niet altijd begrip voor de situatie. Zo zegt Anne : "Ik heb het wel eens meegemaakt dat ik een kwartiertje te laat aankwam bij het clubkampioenschap en dat mijn tegenstander mijn klok al een kwartier had laten lopen (spelers krijgen voor een partij ieder 1,5 uur bedenktijd). Dan sta je dus al flink achter met de tijd. Ik kon altijd slecht tegen zulke "grappen". Jammer dat mensen dan geen begrip hebben voor je situatie".

Anne is natuurlijk "in tûke dammer" maar voor zover bekend is hij slechts een keer kampioen van onze club geweest. In de beginjaren van de club was Klaas Bakker (de pake van Klaas Bakker van de Kaepwei en de Klaas Bakker aan de Yntemasloot) de sterkste dammer van de club. Deze man kwam op de damavonden helemaal lopend door het land vanaf de boerderij waar Klaas en Aukje nu wonen (de Kaepwei was er toen nog niet). Dan heb je er dus heel wat voor over. De hegemonie van Klaas Bakker werd na een aantal jaren doorbroken door Augustinus v/d Goot. Hij was in 1952 op 8-jarige leeftijd bij de club gekomen. Het bleek al snel dat hij een fenomeen zou worden. Hij werd al op jonge leeftijd de nieuwe kampioen van de club en zou dat ook jaren achter elkaar blijven. Echter zo rond de eeuwwisseling kreeg Augustinus wat een inzinking. Anne kon toen een keer de competitie met evenveel punten afsluiten als Augustinus. Besloten werd dat Anne zich toen tot kampioen mocht kronen.

In het seizoen 2001/2002 kon Augustinus wegens gezondheidsproblemen zelfs een heel seizoen niet meespelen. Dus daarom kon er in dat seizoen (Gatze Ykema) en in het seizoen daarna (Pieter Hoogterp) eens een andere kampioen in de boeken worden bijgeschreven.

Op en ander gebied kwam Anne wel 2 keer in de prijzen. Dit was namelijk met de zgn. ladderwedstrijd. Dit betreft een damrubriek in het Fries Dagblad (de Leeuwarder Courant wil deze rubriek er al jaren niet meer in hebben) waarin damproblemen kunnen worden opgelost. Per goede ingestuurde oplossing krijgt men een aantal punten. Deze punten worden iedere keer bij het aantal eerdere behaalde punten opgeteld. Aan het einde van een seizoen krijgt de hoogste op de ladder een prijs en begint dan weer op nul. Zo krijgen de anderen dan weer de kans om bovenaan te komen. Maar als er veel mensen aan meedoen (wat voorheen zo was toen het ook nog in de LC stond) duurt

het jaren voordat je een keer bovenaan komt. En je moet dus eigenlijk iedere keer meedoen want anders raak je weer achterop. Maar Anne deed een flink aantal jaren altijd mee zodat hij de prijs in 1991 en in 1999 won. Ook 2 prijzen die best wel waardevol zijn voor een subtopper (zoals Anne zichzelf altijd bestempelt).

Helaas heeft Anne, i.v.m. zijn ziekte, de damavonden nu al een poosje niet meer bezocht. Maar gelukkig kon ik hem thuis weer (nu hij zich weer redelijk goed voelt) bezoeken en dit verhaal optekenen. Ik ben erg blij dat dat gelukt is want iemand met zoveel clubjaren kan natuurlijk heel veel vertellen over de club. Ik hoop dat de gezondheid nog iets meer verbeterd en dat Anne de clubavonden nog weer kan gaan bezoeken. Namens alle leden van onze club: **dank voor al uw clubliefde.**



Anne Terpstra, (3de vanaf linksonder) in Van Dellen yn Ljouwert op de clubkampioenschappen van 22-01-1966. Gaastmeer, 'Stryk Op' werd daar derde.
Gatze Ykema.

KYKJES FRYSK DAMJEN

In kykje in it Damhok fan "Nocht & Kriich"

Persoanlik kampioenskippen

Kykje út âlde doaze